

AMENDEMINT

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: CDA, Rendert Algra Mei-yntsjinner(s): CU, Wiebo de Vries FNP, Sybren Posthumus PVV, Harrie Graansma
--

Amendement nr.	
Paraaf	
Wurklistpunt	
Beslút	

AMENDEMINT, ex artikel 28 Reglement van Orde

Steategearkomste	17 juny 2020
Wurklistpunt	Bestjoersoerienkomst slús Koarnwerdersân
Koarte titel amendement	Monitoaring risiko's slús Koarnwerdersân
Taljochting op it amendement: It fernijen en fergrutsjen fan'e slús bij Koarnwerdersân komt mei in tal fan ûnsekerheden op it mêd fan kosten en ynkomsten. Saak foar de Steaten om goed de finger oan'e pols te hâlden. Dat kin troch goeie monitoaringsôfspraken te meitsjen.	
De yntsjinner(s) stelt/stelle it folgjende amendement út	
Oerwagings	Skrasse út oerwagings by it beslút: Taheakje oan de oerwagings by it beslút: Dat der in grut ferlet is fan in Iselmartagong foar gruttere skippen; dat de totale kosten troch it ryk begrutte binne op 199,5 miljoen euro; dat de provinsje Fryslân oan'e latte stiet foar de measte finansjele risiko's; dat der sprake is fan risiko's wêr at de provinsje Fryslân net yn alle gefallen grip op hat; Dat der in merkbydrage tasein is fan'e merkpartijen meiinoar fan 26,5 miljoen euro; dat de provinsje troch in strakkere wurkwize mooglikheden sjocht om de totale projektkosten werom te bringen mei 19,5 miljoen euro;

AMENDEMINT

AMENDEMINT

	<p>dat der mei it, yn'e goeie tiid, útdjipjen fan'e fargeulen in besparring meinommen is fan 10 miljoen euro;</p> <p>dat derop rekkene wurdt dat der in subsidyzje komt fan it waadfûns fan 4,5 miljoen euro.</p>
Beslút	Skrasse út tekst beslút:
	Skraste tekst ferfange troch:
	Taheakje oan beslút: dat der oan it folsleine projekt slús Koarnwerdersân in ekstra monitoaring foar de Steaten opsteld wurdt. Dy't der op delkomt dat der 4x per jier, oanslutend oan de aginda fan'e ynstelde stjoergroep, in rapportaazje dien wurdt fan'e stân fan saken. Mei de neidruk op'e finansjele risiko's dy't dermei te krijen ha.
Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) CDA, Rendert Algra CU, Wiebo de Vries FNP, Sybren Posthumus PVV, Harrie Graansma